

LETTERHOEKE

TRESOAR

Jiergong 12 | 2016 | Nûmer 2

Swalk, Nieuwe Encyclopedie van Fryslân,
Lân fan Taal, Dei fan de Fryske Letterkunde



De ‘Nieuwe Encyclopedie van Fryslân’ wordt 15 september gepresenteerd. Lees er meer over op pagina 10.

Lân fan Taal en de plannen fan Tresoar yn 2018 krije hieltyd mear foarm. En dat mei ek wol, want 2018 komt hurd tichteby. Lân fan Taal is formeel in projekt fan de provinsje Fryslân, mar Tresoar is by de plannen en de ynhâld nau belutsen. Der komt in permanint gebou by it Aldehoustertsjerkhôf. Siart Smit fertelt yn *Letterhoeke* oer dizze wichtige stap yn it proses. Yn maaie is Tresoar oergien op it biblioteek- en útliensysteem WorldShare Management Services (WMS). Troch data en wurk ûnder biblioteken te ferdielen, biedt WMS biblioteken de mooglikheid om kosten te besparjen, effisjinter te wurkjen en har brûkers better fan tsjinst te wêzen. Klanten kinne oer in wrâldwide biblioteek beskikke. Se krije tenei in email-berjocht dat reservearringen klear lizze.

Grutte Pier

Op 19 juny wie in slagge Grutte Pier-dei. Goed 500 neikommelingen fan Grutte Pier kamen nei Kimswert foar in bysûndere heitedei. De dei wie foar Tresoar tagelyk de ôfsluting fan in suksesfol projekt dêr't mear as 2.000 Pierbewizen yn útjûn binne oan persoanen ferspraat oer de hiele wrâld.

Ofskied

Yn maaie ha de meiwurkers fan Tresoar ôfskied nommen fan kolleksjefoarmer Amarens Hibma. Yn ferbân mei sykte hat se de kar makke earder mei pensjoen te gean. Sy wurke al by de PB en hie dêr de bynamme 'frou Buma'. Heal juny berikte ús it drôvige nijs dat âld-meiwurker Thys van der Veen, nei in koarte, mar fûle sykte ferstoarn is. Thys wurke earder by it FLMD en by Tresoar wie er belêste mei it fierder ûntsluten fan de FLMD-kolleksje. Hy wie in rêstige kollega, mar hie geregeld rake opmerkingen en in subtile humor. Thys ferhuze trije jier lyn mei syn frou Koba nei Frankryk.





Thys van der Veen en Amarens Hibma. (Foto's Haye Bijlstra)

Lân fan Taal en de plannen van Tresoar in 2018 krijgen steeds meer vorm. En dat mag ook wel, want 2018 komt snel dichterbij. Lân fan Taal is formeel een project van de provincie Fryslân, maar Tresoar is bij de plannen en de inhoud nauw betrokken. Er komt een permanent gebouw op het Oldehoofsterkerkhof. Siart Smit vertelt in *Letterhoeke* over deze belangrijke stap in het proces.
In mei is Tresoar overgegaan op het bibliotheek- en uitleensysteem WorldShare Management Services (WMS). Door data en werk onder bibliotheken te verdelen, biedt WMS bibliotheken de mogelijkheid om kosten te besparen, efficiënter te werken en haar gebruikers beter van dienst te zijn. Klanten kunnen over een wereldwijde bibliotheek beschikken. Zij krijgen voortaan een emailbericht dat reserveringen klaar liggen.

Grutte Pier

Op 19 juni was er een geslaagde Grutte Pier-dei. Ruim 500 nakomelingen van Grutte Pier kwamen naar Kimswerd voor een bijzondere vaderdag. De dag was voor Tresoar ook de afsluiting van een succesvol project waarin meer dan 2.000 Pierbewijzen zijn uitgegeven aan personen uit de hele wereld.

Afscheid

In mei hebben de medewerkers van Tresoar afscheid genomen van collectievormer Amarens Hibma. In verband met ziekte heeft ze de keuze gemaakt om eerder met pensioen te gaan. Ze werkte al bij de PB en had daar de bijnaam 'frou Buma'. Half juni bereikte ons het droevige nieuws dat oud-medewerker Thys van der Veen, na een korte, maar hevige ziekte overleden is. Thys werkte voorheen bij het FLMD en bij Tresoar was hij belast met het verder ontsluiten van de FLMD-collectie. Hij was een rustige collega, maar had geregeld rake opmerkingen en een fijnzinnige humor. Thys verhuisde drie jaar geleden met zijn vrouw Koba naar Frankrijk.

SWALK 6
Frysk op toernee

10
Imposant naslagwerk





13
Lân fan Taal



19
Fryske Letterkunde



24
Jelle Krol



27
Stoomkursus
KH 2018

6 **Swalk, Fryske literatuer en ferdivedaasje**
Wieke de Haan

9 **Lunchlezingen**
Jikke Sikkema

10 **Lancering Nieuwe Encyclopedie van Fryslân**
Mattie Boekema

12 **Lezingen Studium Generale**
Siem van der Woude
Lezingen in de geschiedenismaand
Johan Steendam

13 **Sfearfol gebou foar Taalekspo**
Neeltje van der Weide

14 **Lân fan Taal: Fisitekaartsje foar taal**
Marijke de Boer

16 **Pionierje**
Syds Wiersma

18 **Literêre kursussen**
Teake Oppewal

19 **Dei fan de Fryske Letterkunde**

20 **Digitale snoepwinkel**
Mattie Boekema

22 **Schop in de Grond**
Luc de Vries

23 **Wederopbouw Revisited**
Siem van der Woude

24 **Undersiker oan it wurd: Jelle Krol**
Marijke de Boer

27 **Klear foar KH 2018?**
Siem van der Woude

28 **Nieuwe aanwinsten**
- Barteld de Vries
- Jacob van Sluis

30 **Nijs fan de Freonen fan Tresoar**

32 **Aktiviteiten**

Fryske literatuer

Tresoar organisearret al foar de tredde kear Swalk Frysk op toernee. Dit jier lûkt it Fryske multymediaspektakel mei byld, lûd, muzyk en ferhalen fan 9 oant en mei 18 septimber troch Fryslân. It tema is 'brieven', fanwege it Kadoboek *Neiskrift*, in brieveboek skreaun troch Marga Claus en Aggie van der Meer. It skriuwen fan brieven is yn it totaalprogram fan Swalk ferwurke.

Elk dy't hâldt fan in Fryske jûn of middei mei nijs oer Fryske boeken, en mei muzyk, sit hielendal goed by Swalk. By alle optredens rûnom yn Fryslân is der plak foar in live optreden fan in Fryske skriuwer of keunstner. De band 'Wiebe' fersoarget de muzyk en Wybo Smids hat de lieding fan de Swalkoptredens. En fansels binne de nijste Fryske boeken te keap op de jûnen en middeis, oanbean troch Boeken fan Fryslân.



Kadoboek

It Kadoboek *Neiskrift* is skreaun troch Marga Claus (1955) en Aggie van der Meer (1927), dy't yn koarte tiid beide harren partner ferlearen en elkoar dêrnei brieven skreaun hawwe. De brieven litte in reis troch de tiid

Marga Claus, Yke Reeder, Wybo Smids en Aggie van der Meer fersoargje it programma fan Swalk.



en ferdivedaasje

sjen en de lêzer fielt de waarmte en treast dy't dizze froulju ûnderfine fan harren freonskip. Troch de wize wurden, de dilemma's en de gefoelens fan ferlies, dy't foar in part universeel lykje te wêzen, is it brieveboek hiel geskikt foar in grut publyk. Elk komt betiid of let mei ferlies en loslitten yn oanrekking. Omdat der safolle krêft en positiviteit fan it boek útgiet, is it net in tryst boek wurden, mar krekt oarsom in tagonklik, tige lêsber boek.

Aksjeboek

It Aksjeboek foar bern *Wapper* is skreaun en yllustrearre troch Yke Reeder. Dit printeboek is ek gaadlik is foar bern út it spesjaal ûnderwiis. *Wapper* giet oer in fûgeltsje dat wat apart is, mar dat himsels wol goed rêde kin en goed teplak komt, al is it dan op in oare wize as syn broerkes en suskes. Foar de Swalkoptredens wurdt fan dit byldferhaal in animaasjefilmke makke.



Aggie van der Meer en Marga Claus skreaunen it Kadoboek.

Marga: 'De earste brieven binne mei de slakkepost gien en letter op 'e kompjûter skreaun. Myn brieven wiene twa kear sa lang as Aggie harres.'
Aggie: 'It idee om inoar brieven te skriuwen is fan Marga kaam. Yn it begjin hie it skriuwen fan brieven in terapeutyske wurking, om it ferlies te ferwurkjen. Dat hiele terapeutyske, dat ha wy der letter by de bewurking ta it Kadoboek úthelle.'
Marga: 'De lêste wiken fan Herman, Aggie har man, haw ik mist, want doe wie myn man Hans krekt stoarn. Yn de brieven hat Aggie my 'bypraat'. En mei Hans syn begraffenis wie Aggie siik. Doe ha ik letter mei myn soan by Aggie west om har dêr ferslach oer te dwaan. Ek dat is letter ferwurke yn de brieven.'

De band 'Wiebe' fersoarget alle Swalkjûnen de muzyk.



By oankeap fan in Frysk boek krije jo oant en mei ein septimber it Kadoboek *Neiskrift* kado. It Aksjeboek foar bern is foar € 4,95 te keap en jildt nei septimber € 12,50. Beide boeken jilde by de Reisaksje op snein 18 septimber as ferfierbewiis yn bus en trein fan Arriva, NS en Qbuzz yn Fryslân en yn Grinslân jildt de Reisaksje ek foar de Arrivatreinen.

SWALK
FRYSK OP TOERNEE 9 - 18 SEPTIMBER 2016

Programma

Freed 9 septimber Iepening mei Frysk Boekefeest, Tresoar yn Ljouwert, 20.30 oere, tagong fergees
Op it program steane ûnder oaren de boekpresintaasjes fan it Kadoboek *Neiskrift* fan Marga Claus en Aggie van der Meer en it Aksjeboek foar bern *Wapper* fan Yke Reeder en de bekendmakking fan de winner fan de Obe Postmapriis. Der binne fjouwer nominaasjes: *De ferjilder* fan Marten Toonder, oersetting Harke Bremer en Jarich Hoekstra, *Erik of it lyts ynsekteboek* fan Godfried Bomans, oersetting Geart Tigchelaar, *In see fan stilte* fan Vercors, oersetting Piter van der Veen en *Stofsûgersjongers / Stofzuigerzangers* fan Tsead Bruinja, eigen oersetting.

Sneon 10 septimber, Aerden Plaats yn Aldebiltsyl, 18.00-22.00 oere, yntree is betelje watst wolst
Op dizze jûn wurket Swalk gear mei útjouwerij Frysk en Frij, Dyk fan 'n Dicht, Oare wurden, Fier dyn frije taal, de Bildtse aardappelweken en Poetic Potatoes. Ferskate dichters sille hjir optrede. Dizze jûn is oars fan opset as de oare Swalk-optredens. De presintaasje is yn hannen fan Neeltje van den Brand.

Snein 11 septimber, biblioteek yn Gytsjerk, 15.00 oere, leden € 5, net-leden € 7,50
Op it programma steane Aksjeboekeskriuwer en yllustrator Yke Reeder en berneboekeskriuwer Joke Scheffer.

Moandei 12 septimber, De Spylder yn Warns, 20.30 oere, € 5
Dizze jûn is mei detektiveskriuwer Popke Popma.

Tiisdei 13 septimber, biblioteek yn Frjentsjer, 20.30 oere, leden € 5, net-leden € 7,50
Programma mei de beide skriuwers fan it Kadoboek, Marga Claus en Aggie van der Meer.

Woansdei 14 septimber, boekhannel Van der Velde yn Drachten, 20.30 oere, € 5
Dichter Sigrid Kingma treedt op.

Tongersdei 15 septimber, biblioteek yn Dokkum, 20.00 oere, leden € 5, net-leden € 7,50
Mei in optreden fan Ate Grypstra, skriuwer fan jeugdboeken.

Freed 16 septimber, De Trilker yn Poppenwier, 20.30 oere, € 5
Programma mei de dichter Arjan Hut.

Sneon 17 septimber, mfc Wjukken yn Mantgum, 20.30 oere, € 5
Mei debutant Janneke de Boer en keunstner Tsjimk Scarse.

Snein 18 septimber, De Skierstins yn Feanwâlden, 15.00 oere, fergees op fertoan fan Kadoboek of Aksjeboek.
It ôfslutende Swalkprogram mei as gasten Yke Reeder, Marga Claus en Aggie van der Meer.

www.swalk.nl
Frysk op toernee
@fryskoptoernee

Lunchlezingen

Iedere derde donderdag van de maand is weer een lunchlezing bij Tresoar. Het programma voor het komende seizoen kent een gevarieerd aanbod, met een grote verscheidenheid aan onderwerpen.

LUNCH LEZING

15 september
Coen Simon, filosoof
'Wat denk je zelf? De grote mondigheidsquiz'

20 oktober
Herman Pleij, historicus van de Nederlande Letterkunde
'Houvast in het verleden? Over de exploitatie van het eigen cultuurlandschap'

17 november
Adam Wexler, onderzoeker bij Wetsus
'Water speaks - some secrets of life from the floating water bridge'

15 december
Anne Mieke Backer, landschapsarchitect
'Tuinkunst in oorlogstijd'

19 januari
Miranda van Kralingen, artistiek leider Opera Zuid
'Een kijkje in de keuken van de zangtechniek'

16 februari
Paul Erkelens, dijkgraaf
'Het klimaat verandert; redden de waterschappen het?'

16 maart
Wiesje van der Flier, onderzoeker VU medisch centrum
'Het Alzheimermysterie'

20 april
Jouke de Vries, decaan van de elfde faculteit van de RUG
'De terugkeer van de universiteit in Friesland'

Anne Mieke Backer.



Om 12.00 uur is de inloop, om 12.30 uur begint de lezing, om 13.15 uur is er gelegenheid voor vragen en om 13.30 uur is het afgelopen. De lezingen zijn gratis, voor de lunch vragen wij € 2,50. Op de website van Tresoar is te zijner tijd meer informatie over de lezingen te vinden.



Coen Simon.



Adam Wexler.



Wiesje van der Flier.

Lancering Nieuwe Encyclopedie van Fryslân

Donderdag 15 september is het dan echt zover, want dan wordt de *Nieuwe Encyclopedie van Fryslân* feestelijk gepresenteerd in Stadsschouwburg de Harmonie in Leeuwarden. Deze encyclopedie is een onmisbare aanvulling in de boekenkast voor iedereen die gek is van Fryslân en meer wil weten van deze provincie. Na zeven jaar voorbereiding verschijnt de vierdelige encyclopedie die rond de 3.000 pagina's telt, 11.000 trefwoorden bevat en ruim acht kilo weegt. De encyclopedie staat bomvol actuele kennis over Fryslân en is een echte 'pageturner' geworden.

'De encyclopedie opnieuw uitgevonden,' dit zeggen zowel uitgeverij Bornmeer als opdrachtgever Tresoar over de *Nieuwe Encyclopedie van Fryslân*. En die nieuwigheid zit hem niet in één ding, maar in praktisch alle facetten van dit imposante naslagwerk. Het is een modern vormgegeven encyclopedie met toegankelijke informatie en verhalen. Meer dan 200





wetenschappers – de top van verschillende vakgebieden – hebben aan dit naslagwerk meegewerkt en uit talrijke bronnen actuele kennis opgedoken. Kennis over Fryslân die in veel gevallen online niet te vinden is. Er is bovendien niet zuinig omgegaan met illustraties: de encyclopedie is royaal geïllustreerd met meer dan 1.100 foto's, kaarten, grafieken en tabellen.
Bert Looper noemt deze bijzondere uitgave 'Een bouwsteen voor het collectieve geheugen van Fryslân. Eenmaal opengeslagen blijf je lezen en ontdek je steeds weer nieuwe informatie over Fryslân, heel veel dingen die je nog niet weet. Je blijft er in bladeren, het is een echte pageturner.'

Van Aaipop tot Zwarte Hoop

De *Nieuwe Encyclopedie van Fryslân* is een unieke momentopname van de huidige staat van Fryslân. Alle belangrijke informatie over Fryslân staat van A tot Z beschreven in dit imposante naslagwerk. De onderwerpen die aan bod komen, belichten alle denkbare aspecten van Fryslân: Kunst en Cultuur, Talen en Literaturen, Politiek en Maatschappij, Natuurwetenschappen, Economie en Infrastructuur, Geografie en Waterstaat, Archeologie en Monumenten en Geschiedenis. 'De encyclopedie voorziet in een toenemende vraag naar concrete en betrouwbare informatie, degelijk en overzichtelijk,' zegt Meindert Schroor – sociaal geograaf en historicus. Hij is als hoofdredacteur verantwoordelijk voor de samenstelling van het naslagwerk. 'Er is heel bewust gekozen voor een uitgebreid spectrum qua onderwerpen en voor veel diepgang. Inhoud die uitgebreid onderzocht en geverifieerd is door de top van de wetenschap maar ook nog eens heel toegankelijk geschreven is. Daar zijn mensen naar op zoek.'

Gewaagd jasje

Niet alleen de inhoud is anders dan wat je zou verwachten van een encyclopedie. Ook het uiterlijk is zeer verrassend. Vormgever Gert Jan Slagter maakte een geheel nieuw ontwerp, waarbij traditie en vernieuwing hand in hand gaan. Het binnenwerk is helder en overzichtelijk, alles wat een naslagwerk nodig heeft, maar ook zeer leesbaar en verleidelijk door letterkeuze en kleurgebruik. Voor de buitenkant koos hij een opvallend moderne en strakke typografie. Een gewaagd jasje dat bestaande clichés omzeilt en zal zorgen voor een opvallende set in de boekenkast en op de leestafel natuurlijk!

Actieprijs tot 1 november 2016: € 99,50 na 1 november 2016: € 125,00, bestellen kan bij de boekhandel of via de site van uitgeverij Bornmeer (www.bornmeer.nl). Kijk op www.encyclopediefryslan.frl voor meer informatie.

LEZINGEN
door Siem van der Woude

Studium Generale

De werkgroep Studium Generale organiseert in het najaar de volgende lezingen:

Krimp op het platteland van Japan

Het platteland van Japan wordt al jaren geconfronteerd met een afname van de bevolking. Het regeringsbeleid is daar totaal anders dan in Nederland. Professor Kenji Yamamoto, hoogleraar economische geografie aan de universiteit van Kyushu in Fukuoka, geeft een beeld van de Japanse problemen en mogelijke oplossingen.
Woensdag 14 september, Tresoar, 20.00 uur.

De verkiezingen in de Verenigde Staten van Amerika

Prof. Doeko Bosscher, hoogleraar eigentijdse geschiedenis van de RUG, zal een lezing houden over de thema's die spelen bij de komende verkiezingen.
Dinsdag 11 oktober, foyer van de Leeuwarder Courant, 20.00 uur.

STUDIUM GENERALE LEEUWARDEN

Meer informatie op
www.sgleeuwarden.nl

LEZINGEN
door Johan Steendam

Oktober is traditioneel de Maand van de Geschiedenis. Tresoar doet ook dit jaar weer mee en organiseert twee bijzondere lezingen.

Marc Verschooris bijt op 9 oktober het spits af met een lezing over Vlaamse en Duitse SS'ers in Leeuwarden in de periode september 1944-mei 1945. Ontvlucht uit het Belgische Gent binden zij in de laatste oorlogsmaanden de strijd aan met het Friese verzet. Zo'n 240 Friese verzetsmensen laten hierbij het leven. Verschooris schreef over deze gebeurtenissen het boek *Hoe zwart in het donker gedijt*. Het boek is op deze middag te koop.





Bart Funnekotter spreekt op 12 oktober over zijn boek *De hel van 1812*, over de dramatisch verlopen Russische veldtocht van Napoleon. In het Franse leger dienden 15.000 Nederlanders, waaronder ook Friezen. Sommigen vrijwillig, velen dienstplichtig. In zijn lezing vertelt hij over de lotgevallen van deze mannen, die onderdeel waren van de grootste ramp uit de Nederlandse militaire geschiedenis. Het boek is op deze avond te koop.

Wat: lezingen
Waar: Tresoar
Wanneer: zondag 9 oktober 14.00 uur en woensdag 12 oktober 19.30 uur. De toegang voor deze lezingen bedraagt € 5,-, inclusief koffie/thee. Opgave graag per e-mail (info@tresoar.nl) of telefonisch (058-7890740 of 058-7890792).

troch Neeltje van der Weide



It winnende ûntwerp fan Powerhouse Company.

Sfearfol gebou foar Taalekspo

Ut seis ûntwerpen foar it taalpaviljoen Lân fan Taal yn Ljouwert is ein july it ûntwerp fan Powerhouse Company keazen. It ûntwerp fan it Rotterdamske arsjitekteburo spruts de saakkundige sjuery ûnder lieding fan ryksboumaster Floris Alkemade oan fanwege it sfearfolle gebou dat op it Aldehoustertsjerkhôf past. It gebou is fan dizze tiid en strielet út dat der binnen echt wat te belibjen is. De ynstjoeringen moasten oan ferskate betingsten foldwaan. Sa moast it gebou oan de bûtenkant in permaninte tribune hawwe, dêr't besikers fan festivals sitte kinne.

Lân fan Taal is ien fan de grutte projekten fan Kulturele Haadstêd 2018 mei meartaligens as it oerkoepeljende en ferbinende tema. Lân fan Taal krijt mei de nij te bouwen Taalekspo in fysyk hert op it Aldehoustertsjerkhôf by Tresoar en oare Fryske (taal)ynstituten. It paviljoen wurdt in multymediaal taalbelibbingssintrum oer de needsaak fan taal en de leafde foar taal. Der komt in nijsgjirrich edukaasjeprogramma foar taalbrûkers fan alle leeftiden. Meartaligens en de (Fryske) taaledukaasje foarmje dêr de kearn fan. It taalbelibbingssintrum wurdt yn 2017 realisearre en sil in oanwinst foar de stêd wurde.

Yn Lân fan Taal wurkje Tresoar, Afûk, Histoarysk Sintrum Ljouwert, Fryske Akademy, Ryksuniversiteit Grins en Omrop Fryslân gear.

Lân fan Taal is ien fan de gruttere projekten fan Kulturele Haadstêd 2018. Mei de komst fan in paviljoen oan it Aldehoustertsjerkhôf krijt it in eigen plak en dúdlik gesicht. It gebou, nei it winnende ûntwerp fan arsjitekteburo Powerhouse Company, wurdt boud op de grienstrook oan de râne fan it plein. It wurdt it fisitekaartsje fan en de tagong nei alle oare aktiviteiten fan Lân fan Taal.

Fisitekaartsje foar taal

'It nije paviljoen hat taal as tema en alle talen binne wolkom. Fansels is Frysk de fiertaal, it Frysk is wichtich foar ús yn Fryslân, mar it is ien fan de talen yn dizze wrâld, dy't ommers meartalich is,' fertelt Siart Smit (1973), programmadirekteur fan Lân fan Taal. 'Mei dit projekt wolle we de klam lizze op taal yn it algemien. Dus net allinne sprektaal of literêre taal, mar ek non-ferbale kommunikaasje en bygelyks gebaretaal. We binne yn Fryslân en hjir wurdt Frysk praat, mar der binne noch folle mear talen. Allinne yn Ljouwert al binne njoggentich talen. En ôfhinklik fan de kontekst is in taal in minderheidstaal of net, mar dêr lizze we net de klam op. Foar in soad minsken is meartalichheid de deistige werklikheid. Elke taal is in memmetaal en elk hat it rjocht op de taal dy't er brûke wol. Dat litte we sa tagonklik mooglik sjen.'



Yn it nij te bouwen paviljoen, dat 500 kante meter beslaan sil, komt in Taalekspo. 'We wolle taal sjen en belibje litte yn de meast brede sin fan it wurd. It wurdt gjin statysk oersjoch fan de skiednis fan it Frysk, mar mear in soarte fan teatrale ûnderfining fan in healoerke.' It paviljoen is de sichtbere yntree fan Lân fan Taal dêr't alle ynformaasje te finen wêze sil oer de aktiviteiten fan Lân fan Taal. It doel is dat yn 2018 alle dagen wat te dwaan is, ferspraat oer de provinsje. Elkenien dy't wat oer taal witte wol, kin dêr telâne. 'Besikers dy't dêrnei mear witte wolle oer bygelyks de literatuer ferwize we troch nei Tresoar. Dat wurdt ynrjochte as publykssintrum mei in eksposysje oer de Fryske taal, letterkunde en kultuer. Der komt in spektakulêre ynstallaasje yn de stúdzjeseal dy't dêr mear oer sjen lit. Ek komme der persoanlike rûnliedingen dy't skatten út de argiven sjen litte.'

Lân fan Taal hat in soad partners, ynstellingen as de Afûk, de Fryske Akademy en it Histoarysk Sintrum Ljouwert dogge mei. Elk krijt syn eigen

Siart Smit is programmadirekteur fan Lân fan Taal.



spesjalisme. Tafalligerwize binne dy ynstellingen allegear konsintrearre rûnom de Aldehou, inkeld skieden troch de Grienewei. ‘We wolle dit gebiet werynrjochtsje sadat der mear romte komt foar fuotgongers. Dy moatte yn ien floeiende beweging trochrinne kinne nei de ynstellingen om dêr de ferdjipping te sykjen. Der komt ek mear oansluting nei de Prinsetún dy’t omtsjoend wurdt ta taalpark. Dêr komme tydlike paviljoens, keunstwurken en in taletún, mei omtinken foar alle talen fan Europa. As it Baskysk bygelyks in wike sintraal stiet, komme der ek Basken dy’t dan gasthear binne. We binne no yn petear mei tal fan partijen om in soarte fan taalboarterstún te realisearjen,’ fertelt Siart Smit entûsjast. ‘Dêr belûke we keunstners by, mar der skoot ek ien oan mei attraksjeparken as spesjalisme. Wat we berikke wolle mei Lân fan Taal is dat minsken har bewust wurde fan taal. Dat dogge we mei nijsgjirrige publyksaktiviteiten. Krekt ek foar minsken dy’t yn ’t foar tinke, of sizze, dat se neat mei taal hawwe. Want elkenien hat dermei te krijen, elkenien brûkt taal. It makket diel út fan dyn identiteit. We rjochtsje ús op alle minsken. Oftst no fan Cambuur hâldst of alle wiken in baltsje op de golfbaan slachst, taal is fan elkenien.’

Lân fan Taal rjochtet him net inkeld op de provinsjale haadstêd, dêr’t it publykssintrum komt, mar slacht de wjukken oer hiel Fryslân út. ‘De aktiviteiten beslane de hiele provinsje, sa geane we mei de Taalkaravaan op toernee. Dat is in reizgjende opstelling mei in tal fêste ûnderdielen, mar we passe dat ek oan op it plak dat we oandogge en biede in poadium foar wat dêr libbet. We sykje safolle mooglik oansluting by besteande festivals lykas it Greidhoekfestival, dêr’t we dan taal oan keppelje. Mar we komme ek by oare aktiviteiten lykas Potatoes go Wild, dêr’t minsken by boeren op it Bilt yn de skuorre ite en dêr’t dan dichters tusken troch foardrage. Sa berikke we minsken dy’t oars minder gau nei in taalevenemint gean soenen. Hoechst it allinne mar sjen te litten. Ek no al binne der aktiviteiten geande dy’t ûnder Lân fan Taal falle, lykas de skriuwers dy’t mei it projekt Oare Wurden nei oare minderheidstaalgebieten yn Europa reizgje om dêr in skoft te wurkjen. Takom jier wolle we begjinne mei taalkafees. Mar ek keukentafelpetearen oer de stân fan taal steane op it programma.’

‘Fansels binne we no drok mei de tariedings foar 2018 mei allegear plannen, gearwurkingen en brainstoarmsessys. Mar neist al dizze aktiviteiten wolle we dat Lân fan Taal ek in ekspertizesintrum wurdt op it mêd fan meartalichheid. Kennis dy’t der bygelyks is oer trijetalich ûnderwiis wolle we fierder ûntwikkelje en nei bûten ta útdrage. Dat hâldt nei 2018 net op. We wolle in struktuer delsette dy’t ek nei Kulturele Haadstêd trochrint. Dêrby wolle we ek de technologyske ûntwikkelingen belûke en in taalgame en apps ûntwikkelje litte. Oan de Grienewei is in ferskaat oan ynstellings dwaande mei Fryske identiteit. Yn dit projekt wurde dy no noch mear oan elkoar ferbûn, om sa mear resultaat te heljen. Elk docht syn part yn Lân fan Taal, as in ienheid. It publyk moat foaral wat belibje en hoecht by in aktiviteit net krekt te witten oft it no fan Afûk, Tresoar of de Fryske Akademy is. Mei Lân fan Taal wolle we sjen litte datst mei in iepen taalhâlding mear berikst. Edukaasje is dêrby ek in belangryk ûnderdiel. Neffens my bewiist it Frysk dêr ek in tsjinst mei om der sa yn te stean. Wy sizze: wês grutsk op watst hatst, mei it Frysk we ha krekt mear yn plak fan minder. De wrâld is meartalich, wês dêr net benaud foar of krampachtich. Sa kinne we it Frysk takomstbestindich meitsje.’

Leeuwarden Fryslân 2018 Culturele Hoofdstad van Europa

Pionierje

It Europeeske útwikselingsprojekt foar skriuwers yn lytse talen – Other Words / Oare Wurden – is los. Skriuwers út Baskelân, Masedoanië, Slovenië, Ierlân en Fryslân hâlde by elkoar ta en skriuwe oer harren aventoeren yn it gastlân en de kultuer en taal dêr't se yn bedarre binne.

oarewurden

De Ierske skriuwster Réaltán Ní Leannáin hat yn april-maaie seis wike yn Ljouwert wenne en wurke. Fan 't simmer hat in jonge Masedoanyske dichter yn de Baskyske stêd San Sebastián west, wylst ús eigen André Looijenga yn dy perioade yn de stêd Bitola yn Masedoanië siet. De Fryske sjuery hat Bart Kingma keazen om kommende hjerst nei San Sebastián ta te gean. Yn dyselde tiid is der in Masedoanyske skriuwer yn Fryslân.

De selektearre skriuwers reizgje ôf mei in dúdlik skriuwplan. Nei in ferbliuw fan acht wike moat der in begjin fan in literêre kreaasje lizze. Oare Wurden is lykwols mear as it produsearjen fan literatuer yn lytse Europeeske talen. It is ek ûntdekke en moetsje wolle. Dat freget in reizgershâlding. Dêrom selektearje de sjuerys fan de dielnimmende lannen net allinnich op literêre kwaliteiten mar ek op talinten lykas de keunst om te pionierjen en kontakten te lizzen om utens. Kin in skriuwer him/har acht wike allinnich rêde yn 'e frjemdte? Dat is in fraach dy't nei ûnderfinings mei de earste skriuwers no útdruklik meiwage wurdt by de seleksjes. In skriuwer dy't der sels net aktyf op útgiet om de mienskip, kultuer en taal dêr't hy/sy yn bedarre is te ûndersykjen, is net geskikt foar dit projekt.

De dielnimmende skriuwers dogge ferslach op de webside fan Oare Wurden. Dy side wurdt in hieltyd nijsgjirriger delslach fan skriuwersûnderfinings, skriuwersblochs en skriuwersaktiviteiten. De blochs dy't André Looijenga oer syn ferbliuw yn Bitola op de webside fan Oare Wurden en literêr tydskrift *Ensafh* publisearre, binne fermaaklik om



De Ierske skriuwster Réaltán Ní Leannáin wie yn Fryslân.



Bart Kingma sil nei San Sebastián. (Foto Joris Kalma)



André Looijenga wie fan 't simmer yn Masedoanië.

te lêzen. Sa skriuwt er bygelyks oer syn bysûndere ûntfangst yn de biblioteek fan Bitola, dêr't er in paske hawwe woe en wat boeken. Syn bloch lit mar wer ris sjen dat kultuerferskillen en it jinsels dêroer fernuverjen liede kin ta moaie literatuer.

André is mei in moai skriuwplan ôfreizge. Hy woe skriuwe oer it reizgjen sels. It literêre reisferhaal hat syn bysûndere oandacht en hy brûkte syn aventoeren yn Bitola om dat te ferdjipjen. Mar hy besocht ek mei Masedoanyske dichters yn 'e kunde te kommen en dêrnei yn gearwuking Masedoanyske poëzy nei it Frysk oer te setten en oarsom Fryske poëzy nei it Masedoanysk te bringen. Fierders wie er in soad op 'e swalk; troch de stêd Bitola en de bergen deromhinne. Hy spruts minsken oan om de taal better ferstean te learen. Mei de Nederlânske ambassadeur yn de haadstêd Skopje hat er praat oer Fryslân, de Fryske en Masedoanyske literatuer en André syn literêre projekt.

Ek de aktiviteiten fan *Forum na Mladi*, de organisaasje dy't yn Bitola ferantwurdlik is foar Other Words, is besprutsen. De ambassadeur wie tige optein. It reiske nei Skopje waard ôfsluten mei in fraachpetear mei Space Radio Macedonia.

Wat André holpen hat, is in fêste kompaan. Hy luts in soad op mei Marija Makeska, in jonge Masedoanyske filmmakker, skilder en skriuwer dy't lang yn Detroit wenne hat. Sy lei kontakten en sljochte mooglike taalbarrières. Fan it gastferbliuw fan de Ierske skriuwster Réaltán Ní Leannáin yn Ljouwert hawwe wy leard dat it foar in skriuwer wichtich wêze kin om wat mear weiwiis makke te wurden. Dêrom biede wy de Masedoanyske skriuwer dy't fan 't hjerst yn Ljouwert wêze sil de mooglikheid fan in fêste 'buddy' oan. André Looijenga is dan wer werom en faaks kinne wy in berop dwaan op syn kennis fan de Masedoanyske taal en kultuer. It soe samar wêze kinne dat hy dizze Masedoanyske skriuwer al moete hat.

Folgje André en alle oare skriuwers dy't foar it projekt Oare Wurden op 'en paad binne of west hawwe op www.otherwordsliterature.eu en www.oarewurden.frl. ■

Lânskip fan Masedoanië, dêr't André Looijenga as earste Fryske skriuwer fan it projekt nei útstjoerd is.

Literêre kursussen

Tresoar bringt dit nije seizoen wer tal fan literêre kursussen mei in ryk ferskaat, sawol yn sjenres as yn dosinten.



Proaza – libbensferhaal skriuwe

Guon fan Marga Claus har romans binne feitlik libbensferhalen-mei-in-bewyske-fiksje. It ûnderwerp 'Libbensferhalen' is har ding en sa jout se dêr al in oantal jierren mei sukses kursussen oer.
Kursus: acht byienkomsten, start 14 septimber, in twadde kursus begjint 16 novimber

Proaza – ferhalen skriuwe (basis)

Koos Tiemersma wurke mei oan de ferhalewedstriid fan It Skriuwersboun, *Friesch Dagblad* en Cedin earder dit jier. Hy joech dêrby ynstruksjejûnen en sil dy ûnderfining no op Tresoar ynsette by syn koarte kursus ferhaleskriuwe.
Kursus: fiif byienkomsten, start 10 oktober



Proaza – roman skriuwe

Jetske Bilker is romanskriuwster yn ieren en sinen mei in goede technyk fan plot en opbou. Dêrom begjint se dit jier mei in kursus oer it ûnderwerp: hoe skriuw ik in roman? Wurkje oan in roman ferget oare kwaliteiten as it skriuwen fan in ferhaal. Sy sil yn koart bestek de basisprinsipes behannelje en mei de kursisten oefenje.
Kursus: seis byienkomsten, start 11 oktober







Printeboeken meitsje

Lida Dykstra en Natascha Stenvert makken tegearre al hiel wat printeboeken. Lida Dykstra docht it measte part en behannelet tekst, teory en omballingen. Yllustrator Natascha Stenvert sil as gastdosint ien lesjûn fersoargje.
Kursus: fiif byienkomsten, start 11 oktober

Sjoch foar mear ynformaasje oer de kursussen, ek oer opjefte en beteljen op www.sirkwy.nl. Jo kinne ek kontakt opnimme mei Petra Bierma (058-7890740), Marja de Graaf (058-7890792) of Teake Oppewal (058-7890789), of stjoer in e-mail (ynfo@tresoar.nl).



Poëzij

Abe de Vries is dichter en essayist en ek ien dy't yn heldere taal oer poëzij prate kin. Dat makket him útsoarte kwalifiseare om begjinnend talint paadwiis te meitsjen by it skriuwen fan poëzij. Nei syn sizzen is dat foar in grut part ambacht, in fak dat je leare kinne.
Kursus: fiif byienkomsten, start 12 oktober

Fryske literatuer

Teake Oppewal fersoarget yn gearwurking mei de Volksuniversiteit Fryslân in kursus Fryske literatuer fan de 21ste iuw. Dielnimmers krije in oersjoch fan it literêre fjild en se lêze mei elkoar gedichten en in roman fan nei 2000.
Kursus: trije byienkomsten, start 24 oktober



Dei fan de Fryske Letterkunde



Op 7 oktober wurdt yn Tresoar foar de earste kear Dei fan de Fryske Letterkunde hâlden. Op dy dei is it op 'e kop ôf 350 jier lyn dat it testamint fan Gysbert Japicx foarlêzen waard. Dizze dei is ien fan de aktiviteiten yn it ramt fan it betinkingsjier Gysbert Japicx.

De Dei fan de Fryske Letterkunde is ta stân kommen troch in gearwurking fan de Fryske Akademy, Tresoar, tydskrift *De Moanne* en de Noardlike Hegeskoalle Ljouwert. Dizze ynstellingen wolle ûndersykje hoe't se de kennis fan en kommunikaasje oer it Frysk literêre erfgoed útwreidzje kinne.

Programma

10.00 oere	Ynrin en kofje
10.25 oere	Iepening troch dr. Hanno Brand, direkteur Fryske Akademy
10.30 oere	dr. Piet Gerbrandy: 'Bouwjen, timmerjen, mirsseljen in op-rjuechten': het vakmanschap van Gysbert Japicx
11.30 oere	dr. Alpita de Jong: Literatuur in kleine en grote talen: de wet van de voorwaartse bûtensprong
12.00 oere	Abe de Vries: 'In stekje oan los.' Harmen Sytstra yn konflikt mei de 'mienskip'
12.30 oere	Lunsj
14.00 oere	Piter Boersma: (Friesche) Tjerne psychoanalytysk bedjippe
14.30 oere	Prof. Marc van Oostendorp: De lengte van Tsjêbbe Hettinga's versregels
15.00 oere	Kofje/Tee
15.30 oere	Friduwih Riemersma: Wa't skriuwt dy bliuwt. Jelle Brouwer en de politisearring fan de Fryske literatuer
16.00 oere	Prof. Henk van der Liet: 'Frjemd en dochs eigen?' Enkele overdenkingen bij de vertalingen uit het Scandinavisch taalgebied van J.H. Brouwer en A.I. Brouwer-Prakke
16.30 oere	Buorrel

De tagong is fergees, opjaan is wol nedich (baly@fryske-akademy.nl). Sjoch op www.fryske-akademy.nl/letterkundedei foar mear ynformaasje.

Dêrnjonken wolle se in literêr netwurk Fryske Letterkunde oprjochtsje en eksperts en belutsenen befreegje en mei har oerlizze oer kennis en kommunikaasje yn it fjild fan de Fryske Letterkunde. De Dei fan 'e Fryske Letterkunde wol net allinnich in poadium wêze foar it fersprieden fan kennis oer de Fryske literatuer en letterkunde, mar ek in gelegenheid om it netwurk te ferstevigjen, sawol fan kenners fan 'e Frysktalige letteren as kenners fan Nederlânske of oarstalige letteren. Op dizze dei is ek romte foar diskusje oer hoe't de kennis fan Fryske literatuer ferbrede en grutter makke wurde kin. Yn de diskusje komt ek de fraach oan de oarder oft yn 2018 in ynternasjonaal kongres organisearre wurde kin oer de ferhâlding tusken de letterkunde/literatuer fan minderheidstalen en mearderheidstalen.

Oare aktiviteiten

Yn oktober/novimber is in rige fan trije dokumintêres oer Gysbert Japicx te sjen op Omrop Fryslân telefyzje. It betinkingsjier wurdt op snein 27 novimber ôfsluten yn de Martinitsjerke yn Boalsert mei in Gysbert Japicxprogramma fan Camerata Trajectina, in ensemble dat spesjalisearre is yn âlde muzyk.

Gysbert Japicx, skilderij út 1637 makke troch Matthijs Harings. (Fries Museum, kolleksje Keninklik Frysk Genoatskip)



Digitale snoepwinkel

Wie zijn de professionele gebruikers van ons digitaal erfgoed? En welke plannen hebben ze ermee, wat inspireert ze? Twee culturele ondernemers aan het woord.

Johan Wagenaar (44, Wommels) werkt bij Erfgasten. Met zijn compagnon Gerben Kalkman produceert hij Multi Touch E-books, multimedia presentaties voor diverse platforms en online audiogidsen. Hiermee kun je op een interactieve manier publiek informeren over een onderwerp. Denk aan producten voor erfgoedinstellingen, musea (rondleiding of digitale speurtocht), exposities, onderwijs of bedrijven. Maar ook het onderwijs is een doelgroep. ‘Musea binne dwaande mei in digitalisearringsslach en edukative meiwurkers wolle graach nije, moderne media yntegrearje,’ vertelt Johan Wagenaar. ‘Se kinne ús ynskeakelje om it te meitsjen. Trochdat kolleksjes troch RedBot hieltyd mear digitaal tagonklik wurde, kinne wy ek makliker by materiaal komme. Ek omdatst fia it lisinsjesysteem Creative Commons aanst daliks sjen kinst oft it materiaal rjochtefrij te brûken is. Boppedat hoechst net mear oeral hinne en kinst fan dyn eigen wurkplak ôf al safolle ûndersyk dwaan by betroubere boarnen. Dat is geweldich.’

Johan Wagenaar heeft al veel nieuwe ideeën. ‘In grut part fan de houliksbylagen wurdt digitalisearre. Hjir soest in lesprogramma oer genealogy by ûntwikkelje kinne wêrby’t learlingen op ynteraktive wize mei skiednis yn de kunde komme en leare om boarnen te ûndersykjen.’

Marre Sloots (26, Minnertsga) haalde twee masters, geschiedenis en journalistiek, aan de Rijksuniversiteit Groningen. Dat verklaart ook haar voorliefde voor alles wat met Fries erfgoed te maken heeft en verhalen uit het verleden. Sinds januari is ze zelfstandig ondernemer. Met haar mediabedrijf richt ze zich vooral op de culturele sector. Wanneer ze hoort van het digitaliseringsproject RedBot en de mogelijkheden voor bijvoorbeeld de journalistiek wordt ze enthousiast. ‘It liket my fantastysk om spesjaal foar bern wat mei de Fryske skiednis te dwaan, in ynteraktive webside. Of om in database fan Fryske fersetsstriders te meitsjen mei de ferhalen derby, sadat dizze Fryske helden online ek in gesicht krije. Ik sjoch RedBot as in ferriking foar myn wurk, in einleaze boarne mei mooglikheden. In soad minsken ha in wat stoffige assosjaasje mei skiednis of erfgoed. Ik wol sjen litte dat skiednis hielendal net stoffich is, mar faak krekt hiel aktueel.’ Voor haar afstudeerscriptie, die ging over het verzet in Fryslân, bracht Marre Sloots dagen door bij Tresoar, waar ze transcripties las van interviews met Friese verzetsstrijders. ‘Wat moat dat moai wêze foar studinten datst dit soart fan dingen aanst online fine kinst. Dy ynformaasje is dan folle makliker berikber, ek ast net yn de provinsje wennest.’





www.redbot.frl

Johan Wagenaar en Marre Sloots. (Foto's Mattie Boekema)



Huwelijksbijlagen

Voordat het digitale materiaal via RedBot toegankelijk is, moet er nog heel wat werk worden verzet. De meeste stamboomonderzoekers beginnen hun onderzoek in de akten van de Burgerlijke Stand. Die zijn al een paar jaar via internet te raadplegen via www.allefriezen.nl. Maar ook de minder bekende huwelijksbijlagen zijn voor beginnende stamboomonderzoekers interessant, dit is vaak een belangrijke bron van informatie. Als bruid en bruidegom in het huwelijksbootje wensten te stappen, moesten ze op bezoek bij het gemeentehuis waar het huwelijk zou worden voltrokken. Om te kunnen controleren of er geen wettelijke bezwaren waren, moesten bruid en bruidegom beide een uittreksel uit het geboorteregister overleggen. In de negentiende eeuw moest de bruidegom bovendien kunnen aantonen dat hij zijn militaire dienst had vervuld of daarvan was vrijgesteld. Al deze documenten vormen samen de huwelijksbijlagen. Van elke huwelijksakte is er een mapje met bijlagen. Als stamboomonderzoeker kun je in deze bijlagen niet alleen bijzonderheden over de bruid en de bruidegom vinden, maar ook over hun wederzijdse ouders en soms ook grootouders. Als het gaat om personen die voor 1811 zijn geboren, is het lang niet altijd eenvoudig een bewijs van hun geboorte te vinden. De huwelijksbijlagen geven dan vaak uitsluitsel.

In september 2015 is een begin gemaakt met het digitaliseren van dit omvangrijke bestand (2,5 miljoen bladzijden in 3.600 dozen). In de scanstudio van Tresoar is door Picturae elk mapje voorzien van een barcode. Die barcode maakt het mogelijk in de toekomst de bijlagen te koppelen aan de akten. Het digitaliseren wordt uitgevoerd door GMS, het bedrijf dat het scannen uitvoert. Naar verwachting kunnen stamboomonderzoekers in 2017 de eerste resultaten online gebruiken.

Schop in de Grond

De regio Noordoost-Fryslân is krimpgebied. Krimp wordt geassocieerd met teruggang van voorzieningen, leegstand, verpaupering en dalende bevolkingsaantallen. Maar is dit nu een onvermijdelijkheid of biedt 'krimp' ook kansen en nieuwe uitdagingen?



Gezicht op de Ljouwerterdyk te Holwerd, 1930.

In Holwerd is een initiatief ontstaan dat de aandacht trekt en laat zien hoe krimp ook nieuw elan kan brengen. Tresoar wil hiervan een impressie maken in woord en beeld in het project 'Schop in de Grond'. Daarin werken fotograaf Henk Kloosterhuis en journalist Elma van Lier samen met bevolking en de werkgroep Holwerd aan Zee om Holwerd in beeld en tekst te vangen. Het project heeft als doel het Holwerd van nú en vroeger te laten zien door de ogen van bewoners.

(Foto Henk Kloosterhuis)

Henk Kloosterhuis en Elma van Lier gaan in gesprek met families die geworteld zijn in Holwerd en maken portretten van diverse generaties familieleden (zo mogelijk van vier generaties). Overigens staat niet de geïnterviewde zelf centraal, maar het beeld dat hij/zij van zijn leefomgeving heeft. Het project is in mei gestart en wordt in dit najaar afgerond. Er komt een fotoreportage beschikbaar, deze wordt gecontextualiseerd/begeleid door teksten (verhalende interviews). Dit komt beschikbaar in de vorm van een publicatie in gedrukte vorm, waarbij zowel de teksten als de foto's opnieuw te gebruiken zijn op de website.

Tresoar initieert dit pilotproject, waarin nieuwe vormen van documenteren worden beproefd, in het kader van 'documenteren van de samenleving', in dit geval de demografische trend 'krimp en ontvolking' en de impact hiervan op een gemeenschap.



Wederopbouw Revisited



Na de Tweede Wereldoorlog was er een grote woningnood en om die te lenigen, schoof de regering veel geld naar de woningbouwcorporaties om huizen te bouwen. Het was een periode van het herstellen van schade en snel en veel bouwen. Veel woningen, die in dit tijdperk van de Wederopbouw zijn gebouwd, hebben een zeer kenmerkende stijl die ook wel het Delfts Rood wordt genoemd: grote daken met rode dakpannen en grote schoorstenen. Nog bestaande wederopbouwarchitectuur heeft inmiddels een tweede of soms derde leven gekregen. De Leeuwarder Linnaeusbuurt was de eerste wederopbouwbuurt in Nederland die 'weder' afgebroken werd.

Sipco Feenstra (Leeuwarden, 1964) fotografeerde de afgelopen jaren kriskras door Fryslân naoorlogse architectuur en hun huidige bewoners/gebruikers. Hij wil met zijn foto's een tijdsbeeld laten zien. De huizen en gebouwen die door anderen als lelijk en architectonisch oninteressant worden gezien, fascineren hem juist. Een bouwstijl zonder pretenties, de vorm die de functie volgt, veelal ook terug te vinden in de vormgeving van het interieur, zoals bijvoorbeeld in West aan Zee op Terschelling.



Deze tentoonstelling is onderdeel van het project 'Op syk nei it oare Fryslân' dat aandacht besteedt aan de modernisering van deze provincie in de wederopbouwperiode.

Wat: fototentoonstelling
Waar: Tresoar
Wanneer: 23 september tot en met 20 november





Boven De Westereen (links) en Sint Jacobiparochie en onder Dronryp (links) en Terschelling West aan Zee. (Foto's Sipco Feenstra)

troch Marijke de Boer

Alde winsk komt

Eins woe Jelle Krol al hiel lang oer de Jongfries Douwe Kalma skriuwe. It leafst in biografy of in proefskrift. Mei dat idee rûn er fuort nei syn studintetiid yn Grins al om. Nei syn kandidaats Ingelsk en doktoraal Frysk besocht er as ûndersiker oan de bak te kommen. Dat slagge net. In karrière by it FLMD en letter Tresoar folge. Mei de komst fan de University Campus Fryslân krige er dochs noch de kâns om syn winsk yn ferfolling gean te litten.

'As kolleksjefoarmer by Tresoar ha ik it altyd tige nei it sin hân. Om by te hâlden wat der yn en oangeande Fryslân en op it mêd fan moderne talen en meartaligens ferskynt, is moai wurk,' fertelt Jelle Krol (1957). Mar de driuw om ûndersyk te dwaan bleau en doe't in pear jier lyn de gelegenheid foar promoasje-ûndersyk kaam, twifele er gjin momint. 'Op it

Jelle Krol by it portret fan Douwe Kalma. (Foto Haye Bijlstra)



nei jierren út

wurk ha ik fansels de mooglikheden bepraat en lokkigernôch krige ik de kâns om der gebrûk fan te meitsjen.' Dat it oer Douwe Kalma gean moatte soe, dêr wie er wis fan. Om yn de beneaming te kommen foar in beurs fan University Campus Fryslân (UCF) moast it breder lutsen wurde en wol op sa'n wize dat it ûnder it kopke 'meartaligens' falle soe. Meartaligens is, krekt as bygelyks wettertechnology, ien fan de pylders fan de UCF, dy't no ûnderwilens yn Ljouwert fierder giet as saneamde alfde fakulteit fan de Ryksuniversiteit Grins.

'Kalma hat my altyd ynteressearre. Earder ha ik al syn brieven ris beskreaun, mar allinne beskriuwe wie te min, ik woe der mear mei. Hy wie in nijsgjirrich, belangryk en bepalend figuer yn en nei de Earste Wrâldoarloch. Boppedat hat er in soad ta stân brocht yn koarte tiid en de Fryske literatuer nei in heger plan tild.' Bekend is syn pamflet 'Fryslân en de wrâld'. Dêryn seach er Fryslân as ferbining tusken de besibbe Ingelske en Skandinavyske kultueren. 'Yn oare minderheidstaalgebieten wienen ferlykbere figueren as Kalma yn deselde snuorje aktyf. Yn Bretanje wie dat Roparz Hemon, yn Skotlân Hugh MacDiarmid en yn Wales Saunders Lewis. Mei it wurk fan dizze fjouwer mannen, en dan benammen har begjinwurk út de jierren 1920, hâld ik my dwaande.' De wurktitel fan it ûndersyk is *Combative Literature in Northwest Europe: A Comparative Study of Four Early Twentieth-Century Vanguard Minority Language Writers*.

'Ik doch ferlykjend literatuerwittenskip en ûndersykje strategyen yn de manifesten en it iere wurk fan de fjouwer skriuwers yn de foarliny yn in bysûndere tiid, yn en krekt nei de Earste Wrâldoarloch. De minsken woenen doe gjin nasjonalisme mear, dat late ommers ta oarloch en dêr wienen se krekt fan ferlost. Tagelyk libbe wol it idee dat folken mear frijheid krije moatte soenen, mei in eigen steat. Yn dy tiid komt Yslân los fan Denemarken en wurdt Ierlân ek, op Noard-Ierlân nei, selsstannich. Frjemd genôch dogge de alliearden, de winners fan de oarloch, net folle mei dat boadskip. Frankryk bliuwt like sintralistysk en Bretanje bygelyks krijt gjin eigen bestjoer. Der komme ek bewegingen op tsjin yntern kolonialisme, lykas yn Skotlân en Wales dy't in eigen plak ha wolle binnen it Britske ympearium. Yn dat tiidrek binne myn fjouwer skriuwers begûn mei publisearjen. En fia dy publikaasjes, yn har eigen lytse taal, woenen se har minderheidstaal mear op de kaart sette. Ik konsintrearje my op benammen de earste baanbrekkende stikken fan elk fan de skriuwers. Dêrby meitsje ik gebrûk fan de stúdzje *The World Republic of Letters* fan Pascale Casanova út 2004. Sy beskriuwt dêryn strategyen dy't skriuwers brûke dy't yn in minderheidstaal skriuwe. Se nimme bygelyks ôfstân fan de hearskjende kultuer. Myn stelling is dat dizze minsken, omdat se sa graach de literatuer sintraal stelle wolle, oars skriuwe as wannear't se net út in minderheidstaal komme soene. Kalma set him ôf tsjin de Nederlânske kultuer, mar ek tsjin de generaasje krekt foar him. Dat docht er net inkeld yn taalgebrûk troch sa fier

Foar ûndersyk nei Lewis wie Jelle Krol yn de nasjonale biblioteek fan Wales yn Aberystwyth. 'Doe kaam ik tafallich wurk fan Hemon tsjin, de Breton. Dat wie in folsleine ferrassing. Ik wist dat er yn Ierlân wenne hie, dus dêr hie ik wurk ferwachte, mar net yn Wales. Der wienen brieven fan Anne Wadman dy't yn de tiid fan *De Tsjerne* kontakt hân hat mei Hemon. Dat wie in bysûnder byfangst.'

mooglik fan de dominante taal te bliuwen, mar ek ynhâldlik grypt er werom nei it glorieuze ferline. Hy giet werom nei de tiid fan de midsiuwen, doe't folken – neffens elk fan dizze fjouwer skriuwers, wol har gerak krigen. De fjouwer skriuwers dogge ek stik foar stik in berop op harren taalgenoaten en wolle se safier krije dat se yn har eigen minderheidstaal skriuwe. Sy pleitsje alle fjouwer foar heechweardige literatuer dy't ynternasjonaal mear omtinken krije moat. Lewis yn Wales siket benammen ferbining mei de Frânske literatuer en nimt sa ôfstân ta de neistlizzende Ingelske kultuer. De Breton Hemon nimt krekt ôfstân ta de Frânske kultuer en siket krekt wer kontakt mei de Ingelske literatueren.'

Neist dat de ûndersiker in soad wurk (fan de Welshman en de Breton yn oersetting), boeken en artikels lêst, konsintrearret er him foar it ferlykjende part op ien grutter literêr wurk fan elk fan de fjouwer skriuwers. 'Binne dêr ôfstânskeppende, ferbinende en mobilisearjende strategyen yn oan te wizen en hoe sjocht dat der dan út? Tusken de skriuwers hat alteast yn de begjintiid fan har skriuwen gjin kontakt west. Blykber wie de tiidgeast sa dat der feroaring kommendeweis wie. It moast oars nei de oarloch. Sa't Jelle Brouwer ris sein hat 'der hong wat yn de loft'. Kalma wist yn it begjin net fan it wurk fan de oaren, letter kaam er wol mei it wurk fan guon fan harren op de hichte. Hy wie fassinearre troch it Ingelsk en sette alle stikken fan Shakespeare oer yn it Frysk om dy taal te fersterkjen. It Ingelsk wie fansels krekt de taal dêr't de Welshman Lewis en de Skot MacDiarmid har sa tsjin ôfsetten.'

It moaiste oan it wurk fynt de promovendus it om him te ferdjipjen yn de libbensrin fan de fjouwer persoanen. 'It wienen eins allegear wol frjemde yndividuën, om it sa te sizzen. Se ha mienskiplik dat se frij isolearre opgroeid binne. Mooglik krigen se sa de romte om te tinken. Troch sa yntinsyf my yn har te ferdjipjen, komme se suver ta libben. Yn Wales seach ik bewegend byld fan Lewis. It moaie wie, dat ik my him krekt sa foarsteld hie.' Goed twa jier lyn begûn Jelle Krol mei syn ûndersyk en hy hat no twa fan de fjouwer skriuwers klear, Kalma en Lewis. No is er dwaande mei de Skotske skriuwer dêr't er fan 't simmer op fakânsje ek ûndersyk nei dien hat. 'It is frij iensum wurk, mar ik bin bliid mei myn wurkkeamer op Tresoar, sadat ik kontakt hâld mei kollega's. It jout boppedat wat mear struktuer oan de dei. Fansels is it gjin straf dat ik nei Wales, Skotlân en Bretanje moat om ûndersyk te dwaan,' laket er. De beurs is foar fjouwer jier takend. 'Dan moat it ûndersyk klear wêze, it slagget lykwols net elk om binnen dy termyn klear te wêzen, mar de dissertaasje moat der fansels wol komme.' Oer de promoasje sels wol er noch net tefolle tinke. 'Dat is noch fier fuort.' En dêrnei? 'Ik ha de smaak no wol te pakken. Ik slút net út dat ik dochs noch wol mei in biografy oer Douwe Kalma teset sil.'



Affysje mei it ûndersyk fan Jelle Krol. (Foarmjouwing Alex Fennema)

Klear foar KH 2018?

Tresoar giet on Tour! Wy komme nei jo ta om je klear te stomen foar Kulturele Haadstêd 2018. In protte fan de gasten dy't nei Fryslân komme, wolle de rike Fryske skiednis fan stêd en plattelân opsnuve. Kultuertoeristen kinne it wêze, mar ek neiteam fan Fryske emigranten dy't nei har 'roots' sykje. Wy sammelje mei jo al it nijsgjirrige om it ferhaal fan Fryslân gear te stallen.



Hoe sit it eins mei de Fryske frijheid? Wannear wie ek al wer de Slach by Warns? Hoe belangryk wie de Frjentsjerter Universiteit foar de provinsje? Wa wie Menno Simons? Hokker peareltsjes fan skiednis en kultuer jouwe kleur oan jo doarp en streek? Nei ôfrin fan de kursus kinne jo de gasten, dy't yn 2018 nei Fryslân komme, te wurd stean en fierder helpe.

Oprop

Foar wa is de 'Stoomkursus Klear foar KH 2018' bedoeld? De kursus kin oanfrege wurde troch in groep ynteressearden. Je kinne je der dus net yndividueel foar opjaan.

Gearkomste fan de histoaryske feriening? Personielsbyienkomste? Doarpsfeest? Frouljusferiening? Pleatslik belang? Skiednisles op skoalle oer Fryslân? Op syk nei in aktiviteit yn de biblioteek, tsjerke of doarpshûs? As jo soargje foar in beamer en publyk, dan stome wy jimme fergees by!

Wat hâldt de kursus yn?

Yn in tiidsbestek fan oardel oere presintearret it Tresoar- team in luchtich programma mei fiif ûnderdielen:

- koart ferhaal fan de skiednis fan Fryslân
- koart ferhaal oer de skiednis fan jo doarp en streek
- histoarysk filmke út it Frysk Film Argyf
- ferwizing nei de kolleksjes fan Tresoar
- kwis, dêr't de dielnimmers har kulturele kennis oer doarp en streek mei teste kinne

Nei ôfrin fan de kursus krijt elk it Sertifikaat Klear foar KH2018: in moaie promoasje foar jo doarp. Foar mear ynformaasje en boekingen, belje (058-7890789) of mail (ynfo@tresoar.nl).


Frjentsjerter Universiteit.


Slach by Warns.

Alma Tadema

Op 31 mei ontving Tresoar een heel bijzondere schenking. De oud-antiquaar Gerben Dykstra van De Tille schonk een bijzondere verzameling werken van de beroemde Friese kunstschilder Sir Lawrence Alma Tadema. Dykstra had deze omstreeks 1964 gekocht en bewaard, maar koos nu voor een definitieve bestemming.

Tadema was in 1836 in Dronrijp geboren als zoon van een notaris. Na verhuizing naar Leeuwarden kreeg hij tekenlessen van kunstschilder Cornelis Wester. In 1859 vertrok hij naar Antwerpen om aan de kunstacademie te studeren. Tadema trouwde in België en verhuisde in 1870 naar Londen. Daar was hij zeer succesvol. Zijn werken met historische voorstellingen waren zeer gewild. Als succesvol kunstenaar werd hij in 1899 tot 'Sir' verheven. Tadema overleed in 1912 en werd bijgezet in St. Paul's Cathedral in Londen. Na verloop van tijd raakte de kunstenaar in de vergetelheid.
De collectie bestaat uit getekende portretten van familieleden, landschappen, knipsels van bloemen, planten, voorwerpen en historische figuren. Ook zijn er litho's van zijn werk en enkele daguerrotypes van familieleden. Tot de meest bijzondere stukken behoren de portretten, die Tadema op jeugdige leeftijd vervaardigde. Het oudste (1850) is een beeltenis van zijn nicht Agatha van Ringh. De tekening is academisch van opzet, maar heeft nog de onvolkomenheden van de jeugdige kunstenaar. Een zeer bijzonder werk is zijn zelfportret, dat hij in 1858 maakte en schonk aan zijn nicht Tammera Tadema. Dit fijne portret is al van veel hoger niveau dan het andere. Het is klein van formaat maar vlot getekend. De overige kunstwerken in de collectie zijn jeugdwerken, behalve de litho's.
De collectie was oorspronkelijk afkomstig van een achterneef van Alma Tadema, Ferdinand Koksma (1873-1956). Hij had alles geërfd van zijn moeder Tammera Tadema. Dit verklaart de aanwezigheid van verschillende familiestukken. Ferdinand Koksma, die 'boek- en muziekdrukker' in Franeker was, raakte in 1927 in financiële problemen en verhuisde in 1928 naar Amsterdam. Daar bood hij een deel van zijn verzameling te koop aan. Er is een lijst van de stukken, waaruit blijkt dat Koksma de familieportretten zelf hield. De kunstwerken in de collectie vormen een waardevolle aanvulling op de kennis over het vroege oeuvre van Alma Tadema.



Zelfportret van L. Alma Tadema, met opdracht aan zijn nicht Tammera. Tekening, 1858.

Mewes Jans Bakker

Het geschenk dat de Vrienden van Tresoar op de laatste jaarvergadering aan Tresoar gaven, bestond uit twee volle archiefdozen van Mewes Jans Bakker, die vorig jaar bij een veiling opdoken. Mewes Jans Bakker was opperstuurman op het VOC-schip 'Het Vertrouwen', dat onderweg vanuit de Oost op 14 augustus 1795 nietsvermoedend de Simonsbaai binnenvoer.

Bakker was afkomstig uit Makkum, waar hij in 1764 was geboren. Hij was een ervaren zeeman op de grote vaart en hij had in 1783 al een schipbreuk voor de Amerikaanse kust meegemaakt. In februari 1795 was men voor de thuisreis uit Batavia vertrokken. Nu wilde de bemanning aanleggen voor de gebruikelijke tussenstop ter bevoorrading ergens bij Kaap de Goede Hoop. Echter, de politieke situatie was sinds het vertrek radicaal veranderd. Met hulp van de Fransen was de oude Republiek veranderd in een Bataafse Republiek en daarmee in oorlog gekomen met Engeland. De Engelsen legden beslag op 'Het Vertrouwen' en de bemanning zat vast in Zuid-Afrika. Voor Bakker bleek het een beslissend moment. Onderging hij in deze periode een bekering? Hij zou tot aan zijn overlijden, in 1824, in Stellenbosch blijven als zendeling, waarbij hij zich in het bijzonder richtte op het onderwijs voor onbekeerde zwarte slaven. Hij trad in dienst van zowel de Londen Missionary Society als het toen pas opgerichte Nederlands Zendeling Genootschap (NZG). Om deze beide aanstellingen formeel te maken keerde hij in 1800-1801 kort terug naar Nederland (en Londen), tevens om zijn achtergebleven gezin op te halen. De dubbele aanstelling met verschillende bevoegdheden maakte dat Bakker problemen kreeg met de in deze kolonie aanwezige Nederlandse predikanten. Mocht hij nu wel of niet preken? En waarom liet hij de samenkomsten van de onbekeerde slaven samenvallen met het tijdstip van de kerkdiensten? Zo ontstond er een opgewonden correspondentie met het NZG en kerkelijke organen in het moederland.



Van Bakker zelf was een dagboek over de jaren 1807-1811 bekend, in 1991 uitgegeven met een uitvoerige inleiding. Deze uitgave berustte op stukken, die in 1927 door nazaten via notaris S. van der Burg uit Makkum gedeponeerd waren bij wat uiteindelijk Tresoar zou worden. De aanwinst is een grote aanvulling. Wederom zijn hierbij brieven en enkele door Bakker neergepende stichtelijke verhandelingen. Het merendeel bestaat echter uit dagboeken, sommige ongedateerd en andere uit eerdere en latere perioden van Bakkers leven. Het boek uit 1991 zou nu kunnen worden aangevuld met een volwaardige biografie. Met als ondertitel: Hoe een zeebonk uit Makkum een zendeling in Zuid-Afrika werd.

De aanwinst is een aanvulling op het boek uit 1991 over Bakker van de auteurs A.H. Huussen Jr en S.B.I. Veltkamp-Visser.

Nijs fan de Stifting Freonen fan Tresoar

Bestjoer

Yn in ekstra gearkomste yn juny hat it bestjoer praat oer it winnen fan nije bestjoersleden. Mei it ferstjerren fan Auck Peanstra en it ôfgean fan Gryt Elsinga binne der in pear lege plakken yn it bestjoer. Der is goed neitocht oer nammen en geskikte persoanen. Foarsitter Jannie van der Kloet sil in oantal minsken freegje. As dat goed útpakt, hoopje wy nei de simmer wer in folslein bestjoer te hawwen. Op de jûn fan de hjerstlêzing soene de nije minsken dan yn 'e kunde komme kinne mei de Freonen.

Hjerstlêzing

Op de hjerstlêzing op tiisdei 22 novimber sil Eric Hoekstra sprekke oer nijsgjirrige literatuer yn de Midsiuwen (der wiene doe mear skriuwers as Gysbert Japicx). Hoekstra is taalkundige by de Fryske Akademy en hat it boek *Midfrysk Goud* skreaun. Muzykgroep Kapriol makket muzyk op grûn fan teksten út de Midsiuwen en is op de jûn oanwêzich om it ferhaal fan Hoekstra muzikaal krêft by te setten. De jûn begjint om 20.00 oere. Opjefte foar dizze jûn graach fia de mail (ynfo@tresoar.nl) of telefoanysk (058-7890792 of 058-7890740).

Bijdrage

Veel Vrienden van Tresoar hebben hun jaarlijkse bijdrage al overgemaakt. Is het betalingsverzoek van 2016 aan uw aandacht ontsnapt en heeft u nog niet betaald? Maak dan op korte termijn minimaal € 20,00 over op rekening NL78 RABO 0335 4795 53 ten name van Stichting Vrienden van Tresoar. Dat scheelt onnodig administratief werk.



Letterhoeke is in útjefte fan Tresoar en de Freonen fan Tresoar
Letterhoeke ferskynt trije kear yn it jier en wurdt fergees tastjoerd oan de Freonen

Freon wurde?
Belje mei 058-7890789 of stjoer in mail nei info@tresoar.nl
De bydrage is minimaal € 20,- yn it jier. It (IBAN) rekkennûmer fan de Freonen is: NL78 RABO 0335 4795 53

Redaksje
Marijke de Boer (einredaksje), Wieke de Haan, Ids de Jong, Hilda Top (redaksjesekretariaat), Siem van der Woude (Tresoar) en Jannie van der Kloet (Freonen)

Byldmateriaal
John van Geffen

Foarmjouwing
Richard Bos

Printwurk
Dekker Creatieve Media & Druk

Ofbylding foarkant
Foto fan Sipco Feenstra dy't er yn Ried makke.

Tresoar
Boterhoek 1
Postbus 2637
8901 AC Ljouwert
058 7890789
info@tresoar.nl
www.tresoar.nl

www.facebook.com/tresoar
www.twitter.com/tresoar
www.pinterest.com/tresoar

© 2016 Tresoar en de auteurs



Hylke Speerstra. (Foto Haye Bijlstra)

Aktiviteiten

septimber

6 o/m 10, 13 o/m 17 en 20 o/m 24
Foarstelling Grutte Pier fan Kimswert, Kimswert, 20.30 oere

9 Start Swalk en Frysk Boekefeest, Tresoar, 20.30 oere
10 Swalk, Aerden Plaats, Aldebiltsyl, 18.00-22.00 oere
11 Swalk, biblioteek, Gytsjerk, 15.00 oere
12 Swalk, De Spylder, Warns, 20.30 oere
13 Swalk, biblioteek, Frjentsjer, 20.30 oere
14 Swalk, boekhannel Van der Velde, Drachten, 20.30 oere
14 Studium Generale lezing professor Kenji Yamamoto, Tresoar, 20.00 uur
15 Swalk, biblioteek, Dokkum, 20.00 oere
15 Lunchlezing Coen Simon, Tresoar, 12.00 uur
16 Swalk, De Trilker, Poppenwier, 20.30 oere
17 Swalk, mfc Wjukken, Mantgum, 20.30 oere
18 Reisaksje en Swalk, De Skierstins, Feanwâlden, 15.00 oere
oant 19 Utstalling Hylke Speerstra 80 jier, Tresoar
23 Opening tentoonstelling Sipco Feenstra, Tresoar
25 Jofelcultuurdag, Tresoar, 11.00-18.30 uur
29 Rûnlieding troch Tresoar, 14.00 oere

oktober

7 Dei fan de Fryske Letterkunde, Tresoar, 10.00-17.00 oere
9 Lezing Marc Verschooris, Tresoar, 14.00 uur
11 Studium Generale lezing prof. Doeko Bosscher, foyer van de Leeuwarder Courant, 20.00 uur
12 Lezing Bart Funnekotter, Tresoar, 19.30 uur
15 Lunchlezing Herman Pleij, Tresoar, 12.00 uur
27 Rûnlieding troch Tresoar, 14.00 oere

novimber

4 Priisútrikking Obe Postmapriis, Stedhâlderlik Hôf, Ljouwert
17 Lunchlezing Adam Wexler, Tresoar, 12.00 uur
22 Freonejûn mei lêzing fan Eric Hoekstra, Tresoar, 20.00 oere
24 Rûnlieding troch Tresoar, 14.00 oere
26 Fedde Schurerlezing door prof. dr. A.H.G Rinnooy Kan over ‘Onderwijs onder druk. Op zoek naar de taak van het onderwijs in een veranderende samenleving’, Tresoar, 14.00 uur
27 Sluting betinkingsjier Gysbert Japicx, Martinitsjerke Boalsert

desimber

15 Lunchlezing Anne Mieke Backer, Tresoar, 12.00 uur
29 Rûnlieding troch Tresoar, 14.00 oere

Mear ynfo? > www.tresoar.nl > aginda
Kaarten? 058-7890792 of 058-7890740